

Twadde diel trilogy Ridder fan Snits is inkeld in tuskenstik

9D 21/3 2000
YVONNE DIJKSTRA

In trijedielige searje moat it wurde, *Ridder fan Snits* fan Willem Tjerkstra.

It earste diel, *Rom*, ferskynde in lyts jier ferlyn en krektlyn kaam *Skuld* út. No is it altyd lestich om by it middelste boek yn in trijedielige searje de spanning deryn te hâlden, seker as dy trije boeken it libben fan in persoan beskriuwe. Ommers: yn it earste diel moetet de lêzer de perso-

naazjes en wurdt de fûndearing foar de rest fan it wurk lein. Yn it lêste diel rint alles op syn ein, men kin mei de skriuwer noch wat neitinke oer it libben fan de beskreaune persoan en evaluatearje. Mar it twadde diel wurdt al gau in tuskenstik, sûnder kop op sturt. Dat is ek mei dit twadde diel fan oan 'e hân. Rienk Bockema, dy't de lêzer noch út it earste diel ken as in rûge Fryske haadling, mei in obsesje foar de Hillige frouwe Marije, komt op in

'stille, dizige septimbermoarn yn it jier 1372' tasetten op Snits. Hy is krekt as ridder werom kommen fan in krústocht nei it hillige lân, dêr't er fochten hat foar de Hillige frouwe Marije. Rienk bliuwt in skoft yn Snits mar hy kin him dêr net rjocht deljaan. Dat wurdt noch slimmer as syn wiif ûnder heimsinnige omstannichheden omkomt. Omdat er him skuldich fielt oan har dea, makket er in nije pylgertocht nei Jeruzalem en wy folgje Rienk nei Jeruzalem. Yn it

koart is dit it ferhaal dat Tjerkstra fertelt, en dat docht er op himsels hiel aardich. Lykas yn it earste diel steane de beskriuwingen fan de stêd Snits en it lânskip yn tsjinst fan it ferhaal. Tjerkstra wit by de lêzer bylden op te roppen, dat dêr leit it net oan. Mar it ferhaal boeide my folle minder as it earste boek. Dat kin ferskillende oarsaken ha. Miskien erger ik my oan de patetyk fan dizze ridder, dy't sa't it liket hieltyd deselde flaters makket en dy't allinnich

mar oan himsels tinkt. Of oars omdat ik fûn dat Rienk Marije wol hiel faak oanropt. Mar miskien leit it him noch wol it meast oan it feit dat dit boek it tuskenstik is tusken begjin en ein. De karakters kinne hast net mear útwurke wurde as yn it earste boek al bard is. Boppedat is it earste diel in spannend jongesboek: Rienk as jong fintsje, dy't him by in binde oanslút neidat er thús spul hân hat mei heit en mem. En dêrnei de krústocht en it ta ridder slaan yn

Ingelân. Wy ha it allegear al meimakke! Tjerkstra syn manier fan skriuwen is itselde bleaun en it is dan ek mar de fraach oft er skuld hat oan myn argewaasje.

Oer in skoftke meie wy diel trije fan Ridder fan Snits ferwachtsje.

Willem Tjerkstra, **Ridder fan Snits: Skuld**. Utjouwerij: De Fryske Boekeklub KFFB, 2000 Priis: 12,50 gûne (KFFB), 24,90 gûne (winkel-priis)